

## Taljochting tema 2019: 10 jier Keunstkríte- Keunst ferbynt!

*Keunst ferbynt Kunst verbindt.* Keunst hat in ferbinende funksje en dy hat de Keunstkríte ek.

Yn de ôfrûne tsien jier hat de Keunstkríte mei har projekten it foar inoar krigen lju út ûnderskate lagen fan de befolking, mei gâns ûnderskate eftergrûnen en leeftiden mei inoar yn kontakt te bringen. De mienskiplike ynteresse foar keunst en kultuer in Noardeast Fryslân wie dêrby likegoed doel as middel. De gearwurking ferbynt minsken, plakken en tiden.

Der is njonkelytsen in nij, kultuerleafhawwend klimaat ûntstean dêr't de Keunstkríte ek oaren ynspirearre hat breder en djipper nei de eigen mooglikheden te sjen. De skiednis fan Achtkarspelen e.o., de ferburgen keunst- en kultuerskatten mei û.o. architektuer, folksferhalen en prominente historyske figueren is mei troch ynset fan de Keunstkríte sichtberder wurden.

Ien en oar hat laat ta it oprjochtsjen fan oare kultuerprojektgroepen en it op priemmen setten fan ferskate inisjativen. Guon foar ien kear, mei in heech amusemintsgehalte, oare mei langere ynfloed en bliuwende wearde foar de maatskippij.

Yn it jier fan de Kulturele Haadstêd LC2018 waard dúdlik op hokker wize de Keunstkríte bydroegen hat oan de kulturele bewustwurding yn Noardeast Fryslân. Troch it sichtber meitsjen fan alle moaiens fan hjoededei en fan it ferline, is der in nije wurdearring foar it eigen komôf ûntstean. De Noardeast Fryske identiteit is fersterke en de befolking is grutsker wurden op har skiednis. Troch gearwurking mei oare groeperings, it ferbinen fan besteande inisjativen en it ûntwikkeljen fan nije aktiviteiten soarget de Keunstkríte der foar dat de oandacht in permanint karakter kriget. Keunst en Kultuer as drager fan de maatskippij.

In 2019 fiert de Keunstkríte in 10-jierrich jubileum. Der is in wiidweidich en feestlik programma makke mei ferskate jubileumaktiviteiten. Dy wurde troch de frijwilligers fan de ûnderskate wurkgroepen makke en útfierd. Fan it bestjoer út wurde fûnsen organisearre en gearwurkingsferbannen socht: hjir ek wurdt de ferbindende faktor brûkt.

Yn ôfrûne jierren is û.o. gearwurke mei: de gemeente Achtkarspelen, it Simke Kloosterman Lien, it Feitsma Fûns, it Douwe Kalmafûns, de Provinsje Fryslân, de Stichting Keunstwurk, de Stichting Oud Achtkarspelen, it Fries Museum, it Botanisch Museum De Kruidhof, it IJstijdenmuseum, Museum Dr8888, it Ot en Sienmuseum, Tresoar, de Bibliotheken Noordoost Friesland, Cultuurcentrum de Wâldsang, Radio TV Kanaal 30, organisaasjes foar pleatslik belang, Rabobank, Woon Friesland, soargsintra, sealensintra, skoallen, organisaasjes foar sosjaal kultureel wurk, in soad ûndernimmers en partikulieren yn de gemeente Achtkarspelen en gâns wat skriuwers, dichters, muzikanten en keunstners út Noard Nederlân wei. Dat is mar in hânfol út de samling konneksjes dy't de Stichting Keunstkríte Twizel yn 2019 fan nijs tankber brûke sil.

## Algemiene útwurking tema

Sintraal yn it tema stiet it tiidwurd FERBINE. Frij assosjearjend komme der ûnderskate mooglikheden foar it ynfoljen fan dat wurd nei boppen.

Der binne likegoed mooglikheden om it letterlik sawol om it figuerlik ynfoljen te kinnen.

Hjirûnder in stikmannich algemiene assosjaasjes om it tiidwurd FERBINE hinne.

### Ferbining

**In konneksje tusken minsken, plakken, foarwerpen of tiden.** Linen, wegen, brêgen, iepenbier ferfier. Nalestring, bloedbân, generaasjes, fjouwer geslachten, woartels. Telefoan, kommunikaasje, kranten, Skype. Lannen, grinzen, lânkaarten. Ferbinings mei jin sels, ferbining mei oaren. Mei God.

### Bynmateriaal

**Fysyk materiaal om ferbinings te meitsjen:** tou, ferbân, pleisters, *tyribs*, lym, foly, plakbân, gips, telefoanriedden, elektrisiteitstriedden, buizen, linten, jern, tried. Helpmiddels om ferbinings te meitsjen: weeftou, breipriemmen, naaimasine.


### Ferbannen

**Oarsaken en gefolgen.** It ferbân tusken rein en earmoed. It ferbân tusken ûnderwiis en ûntwikkeling. It ferbân tusken stjerrehimmel en lânkaarten. It ferbân tusken foarhinne en tjintwurdich. Wiskunde. Wurd en betsjutting. Komôf fan famyljenammen.




### Sels oan de slach

**Om dielname oan Rondje Kunstzinnig 2019 ta te rieden is it handich om dyn eigen assosjaasjes mei it tema yn bield te bringen.** Dat kin troch safolle mooglik wurden te sammeljen dy't te krijen hawwe mei it ûnderwerp. Dêrút kin men in lystsje mei ideeën gearstelle. Op 'e neifolgjende siden wurde wat mooglikheden toand.

Foarbylden fan ferbining



# Foarbylden Ferbannen



## Mummies onder elkaar

